

YVA HOKWERDA

Trijefâldige les: Oer hoe't jo komme by it krûpyntsje

(foar de IepenUp Vaginavond, Ljouwert, 27-02-2019)

Les 1

De fagina dêr't jo faaks oan tinke is in konsept fan 3 dielen

As jo by Fagina tinke: KUT!
en dan dat labiale plaatsje foar jo sjogge,
dan ha jo it by de koarte ein
jo binne mis. Man, jo binne 'n sleauwe tut.

Want de bûtenkant, dy moaie blom
fol hier, of stikelich of glêd
dat is de vulva dus, ja tinkerom!
En benammen om wat no komt:

Dit froulik part, dêr sit in klitsich knopke by
sa moai bedobbe yn it ûnderhûdske laach
ús poartewachtster dat is sy,
de klitoris - yn 't swollen alle pimels baas.

Pas as de poartewachtster swolle wol
dan fynst de baan fan op en del, fan yn en út
Dát is de fagina, de skie, de binnenkant
en foar nije berntsjes: it earste bûtenút.

Sy is sa'n moai konsept - sa hillich ek, fan trije-ien -
dat KUT ús sa faak net foldocht as wurd.

Dêrom sykje wy in klank, dy't rjocht docht oan betingsten:
trijefâldich, leaflik sjongend frysk en frou;

ús memmeskurte net foar skut.

Les 2

It hymen is optocht

Mannen (en minsken)!

Hjir sil ik koart oer krieme, mar
dit *moat* efkes sein,
foar tusken jimme earen:

In fammeflues,
dat bliede moat de earste kear,
dat sit der net,
dat is in optocht fenomeen.

Opskreaun yn de âlde boeken
ta de eare fan de hearen.

Dus wy hâlde op
-no-
fan hymjen oer it hymen.

Fiksje is it en dit spul is út.
Froulju ha de [wittenskip](#)!

Les 3

It frommes bliuwt altyd baas oer it fjild fan sjongen (falsk of net)

Do-ree-my-fafa... sol... LabiaTiid-Do!

Do,

hee do, doke do fan my
doke, doaske, do bist my
en do komst

ree,

my-myn gouden myntsje
gouden mineminemyntsje
oer de gouden brêge-tryntsje
-dipst it djippe skûlliif-yntsje, bydel it

fafafagyntsje,

fafantastysk binnerenyntsje
gouden-myn-tsje, gouden doaske
gogogo-goadinnedoaske,
dododo myn minneroaske

sol sol solst soldateboartsje?

wol dyn date wol even tuteboartsje? Nee?

O, fuortendaliks dokterke-!

Ferhipst it mar, lûk wol dyn lyntsje

as ien oan dyn leave ljipke lûkt,

it lipke rûkt mar net dyn lipke krûpt,

nee, net oankrûpt even

net in tonkje nei dyn roas...

'Ferhip dan mar, do op-en-ôf hippende ...

Neat net better biste, as sa'n bliksemse âld-hij'

Doke, kom, do lippeljipke,
flomke, pompebledsje, promke,
slúfke, skulpke, paradyske,
it sijke is dyn roazedyntsje

Gun dyn
Lalalalabia ferlet,
har ferlet, ferlet fan

Tidelitiid,
de tidelitiid yn 't foar!

Easkje op dy tidelitiid
foar befke en lefke en leafke

set it by it krúske,
sirkelje om it flomflomflotske
by de leave lodskes
want leave godskes!

...sa komme...

tegearre...

wollend en swollend
yn 't krûpyntsje...